

# Utgongspunten en taljochting

It deistich gebed:  
tij- en hústsjinsten

I	<i>Ynlieding</i>	1152
II	<i>Bibelske en histoaryske fûneminten</i>	1158
III	<i>De oarders fan tsjinst yn dizze oanset</i>	1168
IV	<i>Muzyk yn 'e tijtsjinsten</i>	1182

# Utgongspunten en taljochting

Yn dizze notysje litte wy sjen hoe't wy ta dizze Oanset kommen binne. De notysje is sa yndield:

- Haadstik I bestiet út trije ynliedende paragrafen: It hoe en wêrom fan dizze Oanset (1). Persoanlike gedachten oer wat bidden is (2). Dy ynliedende opmerkingen rinne út op in koarte opsomming fan de liturgyske foarmen dy't yn dizze Oanset oanbean wurde, mei in like koarte ferantwurding fan dy kar (3).

- Yn haadstik II wurde bibelske en histoaryske fûneminten ûnder de Oanset lein. Earst wurde in pear bibelske linen útset oer wat bidden is (4) en dêrnei wurdt yn in wiidweidiger paragraaf yngien op de skiednis fan it deistich gebed, dus fan de tij- en hústsjinsten (5).

- Yn haadstik III folget op 'e nij in, no mear útwreide, oersjoch fan de liturgyske foarmen yn dizze Oanset (6) en in wiidweidich besprek fan de ûnderskate rubriken binnen dy oarders (7).

- Haadstik IV ta beslút giet oer de muzyk yn dizze tsjinsten (8).

## I – Ynlieding

### 1 It wêrom en wêrta

'Myn tiden binne yn jo hân' (Ps 31:16). Dy bemoedigjende bibeltekst wie ús útgongspunt by it sykjen nei foarmen foar it deistich gebed. Dy bemoediging wjerspegelet him yn it gebod: 'Bid sûnder ophâlden' (1 Tess 5:17) en 'Wês dan ek altyd wach en bid dat...' (Luk 21:26, ferlykje 18:1). Mei dy wurden jouwe de apostel en de Hear de kristlike tsjerke de opdracht om biddend te libjen. De tsjerke is har derfan bewust dat Hy dy't har hjit om te bidden, Himsels ek oan dat gebod hâlden hat. Sa faak as yn 'e skiednis fan 'e tsjerke it allegeduerich bidden ta in ûnminsklike lêst en plicht wurden is, ha der herfoarmingsbewegings west dy't foar it strange gebod oer de klam op, om samar te sizzen, it bemoedigjende wurd fan de psalmist lein hawwe.

Yn it âlde Testamint, en benammen yn 'e psalmen, hearre wy fan in fêste praktyk oangeande it bidden. Psalm 55:18 wiist op in moarns- en jûnsgebed. Yn Psalm 119:164 en 119:62 seit de psalmist: 'Sân kear deis moat ik Jo loovje' en

'Midden yn 'e nacht kom ik derôf om Jo te tankjen'. Dy twa fersen komme oerien mei de lettere praktyk fan it kristlik kleasterlibben.

Jezus is in soan fan syn folk. Mear as ienris lêze wy yn 'e evangeljes dat Hy de stilte opsiket of by de berch opgiet om te bidden. Us oeren, dagen en jierren binne echt yn Gods hân, om't de Midler Kristus se troch syn biddend libben yn Gods hân lein hat.

Fan it begjin ôf oan hat de tsjerke oansluting socht by de Joadske tradysje en fêste bid-oeren oanwiisd. De oarder en it fêste ritme fan dy 'bidstûnen' wurde yn it Hollânsk útdrukt mei in wurd dat de ûnfersteurbere beweging fan de yn ús lân alles behearskjende see oanjout: 'getijden' (Frysk: 'tiden', yn dit ferbân: tijgebeden of tijtsjinsten).

Lykwols is krekt yn ús tiid amper mear in fêst ritme oan te jaan. Gauris is der sprake fan in '7x24 oere-ekonomy'. Foar ús as 'drokke baaskes' is it al in hiele toer om op fêste tiden te iten, te sliepen en mei-inoar te praten. Namste swierder is it dan om dy tiid fan aldendei te hilligjen troch geregeldwei ta God en jin ta in oare wrâld te kearen as dy't wy foar eagen hawwe. Wy libje, sa't dat wolris neamd wurdt, yn in gebedsleaze kultuer. It ûngewoane dat it bidden oer him krigen hat, makket dat wy suver skruten binne om te bidden, in skrutenens dy't wy net betiizje moatte mei de ferlegenheid dy't it bidden eigen is, en likemin mei it ûnfermogen dêr't Paulus it oer hat (Rom 8:26).

Yn dy ûnwennigens en skrutenens wurdt lykwols ek de leechte en it gemis fan in libben sûnder gebed field. Sa is yn ús tsjerken op 'e nij it ferlet field fan fieringen op oare tiden as op sneintemoarn, dy't ynpast binne yn it libben fan aldendei. Dat ferlet rint lykop mei it langstme nei spiritualiteit, dat wol sizze nei it yndividueel en mienskiplik belibjen fan it leauwe en it hâlden fan 'stille tiden'. As teken dêrfan sjogge wy dat op 't heden rûnom yn it lân, op guon plakken sa no en dan ris, op oare plakken geregeldwei, wer sokke tijtsjinsten, benammen fespers, hâlden wurde. Der is ek fraach nei 'hústsjinsten'. Koartsein, it liket derop dat Jan Wit gelyk krijt, doe't er in pear desennia lyn de útspraak die: "Wie de getijden verzuimt, wordt door de tijd overspoeld."

Foar it fieren fan tijgebeden wurde âlde liturgyske foarmen brûkt. Yn it ferline ha dy gauris oanlieding jûn ta wyldgroei, dy't de ienfâld fan it gebed folslein oerwoekere. Oan 'e oare kant hat it ôfskaffen fan de fêste gebedsfoarm yn 'e Reformaasje by einsluten yn ús tiid in ein oan in geregeld gebedslibben makke. Dêrom biede wy op 'e nij in foarm foar it deistich gebed oan. By it bidden giet it net om in soad wurden of foarmen; dêrom binne it ienfâldige foarmen dy't wy oanbiede. "Lang bidde is ommers net itselde, sa't guon lju tinke, as mei in soad wurden bidde. In soad prate is hiel wat oars as immen lang leafdefol oansjen."<sup>1</sup>

## 2 It bidden

Dêr kin men jin by ôffreegje wat bidden winliken is. As wy besykje dat ûnder wurden te bringen, binne wy ús derfan bewust dat wy net boppe de gebedsskrutelens fan ús kultuer ferheven binne. De pear oantsjuttings oer it gebed dy't wy yn dizze paragraaf jouwe, wjerspegelje dêrom persoanlike opfettings; systematyske en eksegetyske útiensettings oer it bidden binne op oare plakken genôch te finen.

Yn de taal fan it gebed giet it, grammatikaal sjoen, om 'e oansprekfoarm en om de twadde persoan iental: it is in oansprekken. God wol mei ús yn petear. Hy sprekt ús oan en wy antwurdzje Him. It gebed is gjin ferhanneling oer God, yn 'e tredde persoan, mar in petear mei Him. Bidden ûnderstelt in persoanlike God dy't mei minsken begien is. Dat makket it gebed ta in yntime oangelegenheid, in saak fan 'e binnenkeamer, in persoanlike, inerlike en ynmoedige saak. Dat betsjut dat yn it gebed alderhanne doppen en skilen om ús hinne weibrutsen wurde; alles wurdt yn it gebed bleatlein. Dêrom ûnderstelt it betrouwen en ropt dat op. Gj in wûnder dat mei bidden altyd ek wat fan skamte, skrutelens en bytiden sels wat fan wjersin mank giet. Yn it gebed jouwe wy ússels sûnder foarbehâld oer oan God en litte wy God sûnder foarbehâld by ús ta. Syn wurd dat wy heard hawwe troch ús

---

<sup>1</sup> Augustinus yn 'De brief oan Proba oer it gebed', X, 19. Hl. oers. fan Anne-Marijke Silvius-Janssen yn *Staat van ontleding, staat van gebed*, (Brugge, 1992)

earen, wurdt yn it gebed ús ta in hertsgeheim. Foar en troch God wurdt de werklikheid foar ús stil en rom. Dêrom kin it gebed ek sûnder wurden wêze.

It gebed sprekt God oan en sprekt Him *derop* oan om it wurk fan syn hannen net los te litten. It gebed doar it sels bestean om God oanspraaklik te stellen en Him de pine en need fan 'e hiele wrâld foar de fuotten te smiten. Mei wat mear distânsje sein: it gebed erkent dat dizze ierde en dy 't derop wenje Him tabehearre en net ornearre binne foar de machten dy't it libben, de frede en de gerjochtichheid skeine, mar foar syn Keninkryk. Dat besef set de persoanlike en ynlike kommunikaasje mei God yn in breed ferbân. Wy betrouwe ússels, dejingen foar wa't wy noed stean moatte en de hiele ierde ta oan God. Him beheart it allegearre ta, Hy is de Skepper en ûnderhâlder.

It gebed, it mienskiplike likegoed as it persoanlike, is de kern fan it leauwen. De *Heidelberger Catechismus* neamt it gebed it wichtichste part fan de tankberens (Snein 45). De romte en tiid en de omstannichheden dêr't men yn libbet, wurde dêrtroch hillige. Dêrom giet it by it gebedslibben, lykas by it sykheljen, om in fêst ritme. Wy tinke dêrby oan de wurden fan Gunning: 'De adem Gods daalt neer tot het schepsel om het levend te maken. Daarna wordt hij weer ingeademd, tot zijn oorsprong terug opgetrokken: dat zijn de gebeden van Gods kinderen. (...) Is alle gebed, gelijk wij zeiden, het inhalen van Gods adem, dan is het slechts terug-gave van den indruk dien het leven Gods, tot ons komende, in ons gemaakt heeft. Inderdaad is dan het gebed slechts afspiegeling van Gods eeuwig wezen in ons.'<sup>2</sup>

### 3 Tij- en hústsjinsten

*It deistich gebed: tij- en hústsjinsten* is bedoeld om thús en yn 'e gemeente brûkt te wurden en biedt materiaal oan foar hiel ferskillende sitewaasjes. De ûnderskate liturgyske foarmen dy't oanbean wurde, hingje nau mei-inoar gear. Sy wolle

---

<sup>2</sup> J.H. Gunning jr., *Blikken in de Openbaring*, dl III, Rotterdam 1929<sup>2</sup>, 348 en 349f.

kontinuiteit biede yn it kleurryk en fragmintarysk tsjerklik en persoanlik libben. Der is ien line, dêr't de sitewaasje hieltyd by feroaret. Yn dizze paragraaf geane wy dêr neier op yn.

Yn reformatoaryske tsjerken sprekt it hielendal net fansels en haw it oer tijsjinsten. Dy binne yn 'e tsjerken fan de Reformaasje sa njonkelytsen bûten spul rekke. Se waarden ferfongen troch de hústsjinst en troch yndividuele fromne gebedspraktyk. Hjoed de dei, no't de hústrfrommens minder fanselssprekkend is as yn de tiid fan 'e Reformaasje, fertsjinnet it tijgebed op 'e nij ús omtinken, om't it mooglik in skeakel is tusken it persoanlik gebed en de tsjinst op sneintemoarn.

Salang't de tsjerke bestien hat, hat der in grut ferskaat fan gebedstsjinsten west. Der wiene, meie wy oannimme, njonken gebedsgearkomsten fan de gemeente op beskate oeren fan de dei en nacht (mooglik te ferlykjen mei ús tsjinsten fan 'wurd en gebed') ek de gebeden dy't thús opsein waarden. De iepenbiere en private earetsjinst rinne samar yninoar oer: de húsgemeente nimt diel oan it gebed fan 'e hiele tsjerke. It deistich gebed folget it gewoane libbensritme fan nacht en dei, it op bêd gean en it derôf kommen, wurkjen en iten.

Wy hawwe yn dizze *Oanset* by dy ier-kristlike praktyk oansluting socht. Dêrom biede wy in liturgyske foarm oan foar in moarns-, middeis en jûnsgebed (de klassike 'fesper'); en ek in foarm foar in deisluting (in bewurking fan de klassike 'kompleten'); boppedat ek in nachtgebed foar harren dy't wekje moatte of net yn 'e sliiep komme kinne. De liturgyske foarmen foar dy fjouwer tiden fan 'e dei wurde hieltyd twaris oanbean: de earste kears yn in mear útwreide foarm, ornearre foar groepen en gemeentegearkomsten, de twadde kears yn in hiel ienfâldige foarm, ornearre foar persoanlik gebrûk of mei mar in stikmannich minsken. It docht bliken dat der njonken foarmen foar tijsjinsten fan de gemeente en foarmen foar persoanlik gebed yn 'e tsjerklike praktyk fan hjoed de dei ek ferlet is fan in tuskenfoarm, bygelyks by it iepenjen of sluten fan in gearkomste of kategezegroep. Dêr wurde ek twa foarmen foar oanbean.

Foar ús tiid binne der dus foar ûnderskate sitewaasjes in tal foarmen fan it deistich gebed yn 'e tij- en hústsjinsten:

- gemeentefieringen njonken de tsjinst op sneintemoarn;
- fieringen yn lytser fermidden (thús of yn tsjerke);
- persoanlike gebedsoefeningen;
- gebeden om gearkomsten mei te iepenjen of te sluten.

Yn dizze *Oanset* ha dy foarmen stal krigen yn tolve oarders fan tsjinst:

- (1) oarder foar it moarnsgebed
- (2) oarder foar it middeisgebed
- (3a) oarder foar in fesper earder op 'e jûn
- (3b) oarder foar in fesper letter op 'e jûn
- (4) oarder foar in deisluting of kompletten.

Dy oarders wurde werhelle yn 'e folgjende farianten foar persoanlik gebrûk:

- (5) oarder foar in persoanlik moarnsgebed
- (6) oarder foar in persoanlik middeisgebed
- (7) oarder foar in persoanlik jûnsgebed
- (8) oarder foar in persoanlike deisluting of kompletten

Boppedat is hjir tafoege:

- (9) oarder foar in persoanlik nachtgebed

De oarders 1 o/m 4 binne yn prinsipe foar in mienskiplik gebed.

De oarders 5 o/m 9 binne foar persoanlik gebrûk. Dy oarders kinne ek yn in lyts fermidden brûkt wurde.

Dêrnjonken binne noch opnommen:

- (10) in oarder foar it iepenjen fan in gearkomste
- (11) in oarder foar it ôfsluten fan in jûnsgearkomste

Yn boppesteande skiften kinne gâns mooglikheden tapast wurde.

- Oangeande de gemeente kin tocht wurde oan fespers op 'e bid- en tankdagen foar gewaaks en wurk, op sneon- of sneintejûn of krekt op dagen troch de wike yn 'e Fjirtichdagetiid. Advintstiid of de saneamde 'quatertemper-

- tiden' (letterlik de 'kwartalen', fêsteldagen yn 'e earste wike fan de maitiid, de pinksterwike en de tredde wike fan septimber en desimber), op 'e jûn of yn 'e nacht foar de grutte tsjerklike feestdagen, op 'e tinkdagen, yn 'e fredeswike, yn 'e gebedswike foar de ienheid, by oekumenyske meetings op 'e wrâldsgebedsdei.
- By fieringen yn lytser fermidden kin tocht wurde oan it iepenjen of sluten fan in gearkomste (learhûs, kategeze, gemeentejûn, ensfh.), mar ek oan it lytser húslik fermidden mei deistige gebeden dy't it natuerlik libbensritme fan 'e minsken folgje, oan in tijfiering oan tafel of oan it betinken fan de doop, by partikuliere feestlikheden (troujubilea, jierdagen), persoanlike need (sykte, ûntslach, skieding), bysûndere saken (eksamens), oan in jûnswacht yn 'e dagen foar in útfteart en op tinkdagen dêrnei, bygelyks de fjirtichste dei of stjerdei.
  - By persoanlike gebedsoefeningen kin tocht wurde oan (om hokfoar reden dan ek) ynsidintele en op fêste tiden op te sizzen gebeden.

## II – Bibelske en histoaryske fûneminten

### 4 It gebed yn de Bibel

Yn de Bibel stiet in soad oer it gebed te lêzen. Wy kinne hjir mar in pear haadlinen oanjaan.

Yn 'e tiid fan de timpel waard alle dagen op fêste tiden de Heare in offer brocht (Eks 29:38-46; Num 28f.). It offer wie ferbûn mei it gebed fan dejinge dy't it offer brocht (Gen 12:8; ferl. Ps 54) en fan it folk (Deut 26:5-19, 13-15; Luk 1:10). Gauris is der profetysk ferset tsjin in offerritueel sûnder ynhâld. Sa seit de psalmist: 'Ik wol jo namme priizgje yn in liet en him yn in tankliet ferhearlikje. Dat hat de Heare leaver as in offerdier, in stik fee mei hoarnen en hoeven.' (Ps 69:31f.). Yn it Alde Testamint en benammen ek yn 'e psalmen bestiet der spanning tusken materiële en geastlike offers (Ps 27:6; 50:14,23; 107:22; 141:2). Hjir soene ek oare bibelteksten neamd wurde kinne. Hoewol't it gebed as fanselssprekkend mei de kultusplakken ferbûn wie (1 Sam



1; Deut 12:11; Ps 28:2; 134:2), is it dêr net ta beheind. Thús waard ek bidden (Ps 55:18; Dan 6:11(10), 14(13)).

It is net krekt nei te gean wannear't de synagogen ûntstien binne. Argeologyske wissigens is der earst sûnt de tredde ieu foar Kristus yn Egypte. Der is wol suggerearre dat der los fan de timpel op 'e oeren dat der offere waard, bidden waard yn it besef op dat stuit ferbûn te wêzen mei de timpelkultus. Dat is lykwols mar de fraach, nei alle gedachten sil der oansluting socht wêze by it ritme fan 'e dei. Hoe't it ek wêze mei, yn 'e synagoge wurdt uteraard net offere. It bidden nimt in wichtich plak yn.

Yn de Bibel is sprake fan in moarnsgebed (by it opgean fan de sinne op 'e tredde oere), in middeisgebed (dat op wurkdagen gauris ferbûn waard mei it jûnsgebed) en in jûnsgebed (tusken de njoggende en tolfde oere). Op in soad plakken tsjûgje de psalmen fan dy tiden (4; 5; 92:3; 119:147f.; 141:2). De nachtlke gebedstsjinst is ek al bekend (Ps 1:2; 22:3; 42:9; 88:2; 134:1; 119:62). It wekjen by nacht kin tsjinje om jin ta te rieden op in feest (Jes 30:29). It meast bekende foarbyld is fansels de Peaskewacht, as Israel wekket yn 'e binnenkeamer. Yn dat ferbân moat de oprop fan Jezus om te wekjen ek sjoen wurde, om't de Messias midden yn 'e nacht ferskine sil (Mt 24:43f.; 25:6).

Yn it Nije Testamint lêze wy oer de apostels dy't de fêste gebedsoeren oanhâlde (Han 3:1; 10:9; 16:25). Johannes hat it yn 'e Iepenbiering oer de gebeden fan de gemeente dy't as wijreek opstige ta God (Iep 8:3f.).

Sa't al sein is, it gebod fan de Hear om te bidden en de wittenskip dat de Hear dat gebod sels ek al folbrocht hat, is it útgongspunt en de kearn fan it biddend libben fan de kristlike tsjerke. By Jezus falle gebed en libben gear, want syn libben is in oerjefte oan God. Yn Him binne gebed en offer ien wurden. Hoe tige syn libben folslein in biddend offer wurdt, docht bliken yn syn passy dy't Hy trochwakselet mei de psalmen. Under it peaskemiel sjongt Hy mei syn learlingen de lofpsalmen 113-118. Oan it krús nimt Hy de psalmen 22 en 31 op 'e lippen. De offer- en gebedsoeren wurde op 'e dei fan syn ferstjerren yn it lijensferhaal ta fêste punten: op 'e tredde oere, yn 'e moarn, wurdt Hy krusige (Mk 15:25), op 'e sechsde oere, dat wol sizze midden op 'e dei, wurdt it tsjuster bûtendoar (Mt 27:45 en parallellen) en

op 'e njoggende oere, middeis, stjert Er (Mt 27:46 en parallellen).

Jezus bea foar wa't sines binne (Joh 17) en learde syn learlingen bidden (Mt 5:5-15 en parallellen). De apostels bidde foar wa't har op 'e noed jûn binne en roppe op ta bidden sûnder ophâlden (1 Tes 5:17), mar freegje ek foarbea foar harsels.

## 5 Markante punten yn 'e skiednis fan 'e tijtsjinsten<sup>3</sup>

By it meitsjen fan útgongspunten foar oarders foar tij- en hústsjinsten yn ús tiid moat men goed betinke dat it tijgebed en de hústsjinst al in lange skiednis hawwe. It ûndersteand oersjoch moat net beskôge wurde as de liturgyskiednis fan it tijgebed. Mei it each op ús útgongspunten wolle wy inkeld in pear markante mominten út dy lange en komplisearre skiednis oanjaan. Yn dizze *Oanset* giet it derom om ûntaardzjen tefoaren te kommen en in nije line út te setten dy't likegoed mei de tradysje ferbûn is, dat in ynspirearre deistich gebed mooglik is.

### a. De tiid oant keizer Konstantyn (begjin 4de ieu)

Neffens Romeinske wizânsje wurde de dei en de nacht ferdielt yn skiften fan trije oeren, neamd nei de tiid dêr't se op einigje (dus bygelyks terts, sekst, noon). Yn 'e iere tsjerke waarden trijeris deis gebeden opsein op tiden dy't oanslute by dy Romeinske tiidsyndieling. De kreative tiden foar dy oeren wikselje mei de seizoenen: de terts falt tusken 7 en 10 oere, de sekst tusken 9 en 11 oere en de noon om 12 oere. Al rillegau is der ek sprake fan in jûnsgebed by it fallen fan de nacht, in moarnsgebed by it lemieren en in nachtgebed. Yn hoefier't dy gebedstiden ek echt neikommen binne, en as dat al it gefal west hat, oft dat dan yn gearkomsten wie of yn privee-ferbân, kin oer redendield wurde, mar dat dogge

---

<sup>3</sup> Foar in sekuere en koarte beskriuwing fan de skiednis fan it tijgebed oant en mei dizze *Oanset* en foar literatuerferwizings, ferwize wy nei N.A. Schuman (einred.), *De weg van de liturgie: tradities, achtergronden, praktijk*, Zoetermeer 1998, s. 127-152.

wy hjir net. Mooglik waard it deistich mienskiplik gebed as ideaal sjoen, mar wie dat yn 'e praktyk net sa maklik of inkeld sa no en dan ris te ferwêzentlikjen.

Tertullianus (ferstoarn nei 220) en syn learling en opfolger Cyprianus hâlde trije gebedstiden, dy't se as kristlik oantsjutte. Tertullianus heart yn 'e trije gebeden op de tredde, sechsde en njoggende oere in wjerklank fan de Trije-ienheid, wylst Cyprianus oan dy gebedstiden in Kristus-symbolyk ferbynt: op 'e tredde oere waard de Hear krusige, op 'e sechsde oere waard it tsjuster oer it lân, op 'e njoggende oere stoar Jezus. Beide hiene ek moarns-, jûns- en nachtgebeden. Cyprianus ferbynt de sinne-opgong mei de opstanning fan Kristus en de sinne-ûndergong mei syn weromkommen. Allinne al it grut tal gebeden dat beide foar elk etmel neame, slút út dat dy altyd mienskiplik wiene. Cyprianus leit de klam derop dat ek it privee-gebed diel útmakket fan it gebed fan de hiele tsjerke. Hippolytus neamt gebedstsjinsten yn kombinaasje mei kategetysk ûnderrjocht 'in type tsjinst fan wurd en gebed'.<sup>4</sup> As hy it oer it jûnsgebed hat, neamt hy it ritueel fan de seiniging fan it ljocht fan de kearsen.

#### *b. De tiid oant de kleasterregels yn 'e sechsde ieu*

'Yn 'e rin fan de fjirde ieu nei Kristus feroaret it byld. Oan 'e iene kant makket de nije politike posysje fan it kristendom it foar kristenen makliker om de gearkomsten op fêste tiden by te wenjen. Oan 'e oare kant wurdt de tradysje fan it deistich tijgebed troch it opkommend kleasterlibben befoardere. It earste wurdt wol oantsjut as it 'katedraaloffysje', iepenbiere gebedstsjinsten yn 'e tsjerke fan de biskop, it twadde as it 'monastike of kleaster-offysje', de tijtsjinsten yn 'e kleasters. Feitliken binne der sûnt de fjirde ieu ek al mingfoarmen (°).<sup>5</sup>

Troch de *Apostoaalske Konstitúsjes* (ein fjirde ieu) witte wy fan gemeentlike gebedstsjinsten. Yn alle gefallen by de moarns- en jûnsgebeden en sûnder mis op sneon en snein

<sup>4</sup> N.A. Schuman, o.w. s. 131.

<sup>5</sup> N.A. Schuman, o.w. s. 133.

is der sprake fan in iepenbiere gebedstsjinst, ûnder lieding fan biskop en diaken. Der wurde yn de *Apostoalyske Konstitúsjes* ek noch oare gebedstiden neamd. De gebeden op de tredde, sechsde en njoggende oere wurde ferbûn mei de oeren op 'e dei fan Kristus syn dea oan it krús sa't de skriftferhalen dy markearje, wylst moarns- en jûnsgebed har symboalyske betsjutting krije fan de gedachte dat Kristus it ljocht en de sinne fan it heil is. It geskrift neamt in gebed by it kraaien fan de hoanne, it 'gallicinium', mei it Latynske wurd gallus, hoanne. Ofhinklik fan it seizoen is dat tusken twa en fiif oere nachts.

De *Apostoalyske Konstitúsjes* hâlde der rekken mei dat net elkenien yn tsjerke komme kin. 'As it net mooglik is en kom yn tsjerke fanwegen de net-leauwigen, dan moatte jo, biskop, yn in hûs de gearkomste hâlde, dat gjin fromme de gearkomste fan de godleazen bywennet<sup>6</sup> As yn tsjerke likemin as yn in hûs in gearkomste hâlden wurde kin, dan sjongt, lêst en bidt elk foar himsels. Of twa of trije bynoar.'<sup>6</sup>

Keizer Konstantyn stiet de kristenen ta om har godstsjinst frij te beliden. Dêrmei wurdt de tsjerke diel fan it iepenbiere libben. De muontsen foarmje sûnt dy tiid de groep dy't troch in mienskiplike libbensfoarm by steat is en ûnderhâld alle gebedstiden fan de dei. De nachtsjinsten wurde troch har ek útwurke ta in fêst gebed. De earste muontseregel dy't ús bekend is, is dy fan Pachomius út likernôch 325, ien fan de strang-assetyske Egyptyske 'woastynfaars'. Opmerklik dat it bidden fan de psalmen dêr in taak yn wurden is; de psalmen moasten stik foar stik oan bar komme, in frije kar út út it Boek fan 'e Psalmen wie der net mear by.

In skoft letter, yn 'e regel fan Basilius de Grutte (stoarn yn 379), sjogge wy dat it jûnsgebed splitst is yn in gebed oan 'e ein fan 'e dei en ien nei it iten oan it begjin fan de nacht. Dat lêste gebed is de foarrinder fan de deisluting of 'kompleten' en tsjinnet as in beskerming foar de *phantasmata noctium*, de útflechten, bedrigings, eangsten en fantasijen dy't har nachts oppenearje. Fierders wurdt praat fan in

---

6 M. Metzger, *Les Constitutions Apostoliques*, SC 320, 329, 336, I-III, Parys 1985-1987.

gebed midden yn 'e nacht en by it lemieren fan de dei. De kearn fan de gebedstsjinsten bestiet út psalmen, gebeden en skriftlêzingen. De psalmen wurde antifonaal (troch twa koaren yn barsang) en responsoarysk (de oanwêzigen ant-wurdzje de foargonger) songen.

Ut it reisferslach fan Egeria (393/394) witte wy hoe't it oan de ein fan de fjirde ieu yn Jeruzalem om en ta gie. Muontsen, folk en geastliken komme gear foar in figily (wacht) as de hoanne kraait en dy giet oer yn moarnsgebed. Op de sech-sde en njoggende oere wurdt ek bidden. Op de tsiende oere is de fesper, dy't troch Egeria *lucernare* (sjoch ûnder 7h) neamd wurdt. De gebeden wurde troch de muontsen dien, it stiet folk en pylgers frij om dêrby te wêzen.

Oan it begjin fan de fyfde ieu hat it kleasteroffysje syn definitive foarm fûn fan sân gebeden en in nachtgebed (de nocturne of de figily; doe't it letter ek wol yn 'e moarntiid bidden waard, ek wol matinen neamd). De sân gebedstiden binne: lauden, prym, tert, sekst, noon, fesper; de kompleten wurdt in earsten begjin mei makke. De praktyk sa't dy yn de easterske Gryksktalige tsjerke stal krigen hat, komt nei it westen troch Johannes Cassianus, dy't earst yn in kleaster te Betlehem wenne, dêrnei tahâlde by Egyptyske muontsen en ta beslút abt waard yn Marseille.

### c. *De grutte kleasterregels*

Yn 'e earste kleasterregels falt op hoe swier it gebedspen-sum (de opleine taak) is, benammen fan psalmen en gebeden. Yn 'e earste helte fan de sechsde ieu leit Benedictus it tijgebed sa't dat yn 'e rin fan de tiid stal krigen hie, yn syn ferneamde Regel fêst. De kompleten beslute de deistige gebeden. It Boek fan 'e Psalmen wurdt yn ien wike bidden, de Bibel yn ien jier lêzen. De hymnen binne opnommen yn 'e oarders. Prym en kompleten ha in fêst plak krigen yn 'e tijgebeden, dat de folsleine rige bestiet no út: lauden, prym, tert, sekst, noon, fesper, kompleten en figily. Dêrmei is letterlik harke nei Psalm 119:164 en 62, dêr't de psalmist seit: 'sân kear deis moat ik Jo loovje' en 'Midden yn 'e nacht kom ik derôf om jo te tankjen'. Op feest- en hjeldagen wurdt de liturgyske gong troch it jier trochbrutsen. Sadwaande is de Regel fan Benedictus op twa prinsipes grûndearre: dat fan

de aloan trochgeande lêzing en gebed en dat fan de foar feest- en hjeldagen selektearre lêzingen en gebeden. Tusken 590 en 604 wurdt de hillige stoel beset troch de benediktyng Gregorius I de Grutte. Hy oarderet de Romeinske liturgy neffens it model fan de Regel fan Benedictus (dy't lykwols sels weromgriep op 'e Romeinske praktyk sa't dy yn 'e rin fan 'e tiid ûntstien wie). Yn de ieuwen dêrnei wurdt it gebedspensum riker makke en krijt it mear fersieringen. De herfoarmingsbeweging fan Cluny (tsiende ieu) makket dat de muontsen hast oanienwei yn tsjerke tahâlde en it koargebed omraak útwreide wurdt. De nije herfoarmingen fan Bernhard fan Clairvaux (earste helte tolfde ieu) geane dêrtsjinyn. Sadwaande komt der mear romte foar skriftlêzing en ûnderrjocht en minder foar psalmen en fersierings.

#### *d. Fierdere ûntjouwings oant de Reformaasje*

##### *1. It brevier*

Om alle tijsjinsten, mei dêryn antifoanen, responsjes, hymnen, gebeden ensafuorthinne fiere te kinnen, komme in soad boeken oan te pas. Kleasters en katedralen hiene dy boeken allegearre. Dêr wie it mooglik en folbring it hiele 'pensum' (de folsleine gebedstaak) en bestie de 'profesjonaliteit' om dy muzikaal, sa't dat easke wie, stal te jaan. Bûten de muorren fan it kleaster wie dat net mooglik. Foar in pryster allinne wie der dêrom ferlet fan in ferkoarte útjefte fan it tijgebed yn ien bân: it brevier (fan it Latynske *brevarium*, koart oersjoch, úttreksel). Want fan de pryster dy't bûten it kleaster libbe waard ek ferwachte dat er de tijgebeden dwaan soe. Yn teory bliuwt de âlde struktuer fan de tijsjinsten yn stân, mar yn 'e praktyk wurdt dy oerwoekere troch in mannichte fan hjeldagen dêr't de skriftlêzing wolris op wike moat foar de leginden oer de hilligen.

De gemeenteleden binne bûten spul set; it tijgebed is in saak fan de oarders en de geastliken wurden. It folk beheint him ta de Apostoalyske Belidenis fan it leauwe en it Us Heit en it Ave Maria en ta it bidden fan de roazekrânse.

##### *2. De Moderne Devoasje*

Oan 'e ein fan de Midsieuwen, yn de trettjinde en fjirtjinde ieu, komme der hjir en dêr bewegings dy't besykje ûnder

de druk fan de sosjale en tsjerklike hiërargy út te kommen. As foarbylden neame wy de Beginen, in sterke frouljusbeweging, en de Bruorren fan it Miene Libben ûnder lieding fan Geert Groote. Tagelyk komme der mystisy fan kwizekwânsje, lykas Catharina fan Siena, Julia fan Norwich en Eckhart. By dy bewegings en frommen leit de klam op de persoanlike frommens. In soad lju binne gevoelich foar dy tendinzen.

Geert Groote en syn 'bruorren fan it miene libben' (dêr't ek susters by hearre) foarmje, hoe lyts yn tal, in wichtige beweging yn 'e tiid dat stêd en hannel ûntstean. De bruorren en susters foarmje religieuze mienskippen sûnder har oan in regel te binen. Se wiene dus net bûn oan 'e geastlikheid, mar woene ta op in yntegraasje fan klearus en leken. Benammen waard de klam lein op in inerlike persoanlike frommens, dat in protest wie tsjin de grutte uterlike frommens fan dy tiid. It bidden fan de tijgebeden naam by de Bruorren in wichtich plak yn. It tijboek fan Geert Groote moat ien fan de meast lêzen Middelnederlânske boeken west ha.

#### *e. De Reformaasje*

De Reformaasje brekt net mei beskate besteande tradysjes, mar set dy troch en fuort. It oanienwei bidden nimt dan ek in sintraal plak yn. Neffens de reformatoaren kin dat gebed lykwols net ien beskate tsjerklike stân oangean. Men bidt as leden fan Gods folk dat diel útmakket fan it lichem fan Kristus en dêrom nimt elkenien diel oan dat gebed.

De Reformaasje is oer de foarmjouwing fan it gebed net dúdlik, mar hat wol ienriedich krityk op hoe't it tijgebed yn 'e Roomsk-Katolike tsjerke him ûntjûn hat. Luther wol bygelyks de tijtsjinsten foar de gemeente behâlde, mar dan moatte se wol suvere en oanpast wurde. It tal tsjinsten wurdt ynkoarte, de fêste oarder ferfalt, de fiertaal wurdt Dútsk. Der komt gjin nij brevier en yn 'e praktyk stjert it tijgebed in sêfte dea.

De Anglikaanske tsjerke hâldt oant hjoed de dei de Morning Prayer en Evening Prayer yn stân.

Yn ús lân bliuwe de tijgebeden, nettsjinsteande synoadebesluten dy't derôf wolle, noch lang nei de Reformaasje, benammen yn 'e stêden, bestean. It ûntmoedigingsbelied fan de synoade fan Dordrecht (1618/1619) hat as gefolch dat

bygelyks yn 1627 yn Amsterdam it lêste jûnsgebed dat tusken de oare tsjinsten yn hâlden waard, sneuvelet, hoewol't de jûnsgebeden populêr wiene by it folk en goed besocht waarden. As reden wurdt opjûn dat sy ôfbrek diene oan 'e wenstige wurdtsjinst, oan 'e húsgebeden dy't de heit thús hearde te dwaan en oan 'e fêsteldagen.

De Reformaasje is ienriedich yn har ferset tsjin in tal eleminten. Yn it foarste plak oardielet hja dat troch de foarm fan de tijsjinsten de bûtenkant fan de godstsjinst mear omtinken kriget as de ynhâldlike kant. It folbringen fan in gebedspensum ropt de gedachte oan selsrjochtfeardiging op. Yn it twadde plak is hja fan betinken dat de tijsjinsten oerwoekere wurde troch ûnbibelske eleminten lykas it ferearjen fan de hilligen. Yn it tredde plak is it tijgebed fanwegen in swier en ûnbegryplik pensum mar troch in pear minsken te ferwêzentlikjen, dêr't it bidden in einleas preuveljen fan wurdt en de kleau tusken klearus en folk aloan grutter wurdt.

Dy eleminten taasten de kern fan it leauwe oan, nammentlik de ûnfertsjinne genede en de oertsjûging dat Wurd en sakramint de iennichste middels ta heil binne. Hoe't it ûntaardzjen bestriden wurdt, hinget fan de omstannichheden, de ynfloed fan guon reformatoaren en it folkskarakter ôf. De skiednis fan it tijgebed yn de tiid fan de Reformaasje is net oeral deselde. In pear globale skaaimerken binne der wol te neamen: de klam falt op 'e ynhâld (it learen) en op 'e soarch foar it werklik belibjen fan it gebed, it reinigjen fan tafoege eleminten en ta beslút it oanpassen oan it befettingsfermogen fan de leauwigen. Yn 'e praktyk betsjut dit dat gebeden op al te fêste tiden ûntmoedige wurde en dat de persoanlike gebeden mear omtinken krije as de iepenbiere. Mei it each op 'e ynhâld wurde útlis en ferkundiging yn 'e gebedstsjinsten dy't noch oer binne mear nei de foargrûn skood. Om de 'echtens' krijt it frije gebed letter de foarkar boppe it formuliergebed. It frije gebed is, sa wie it betinken, allinne ynspirearre troch de hillige Geast. It oanpassen oan 'e omstannichheden en it befettingsfermogen fan de leauwigen jout de foargongers mear frijheid by it kiezen fan de teksten en lieten. De gearhingjende oarder yn 'e tsjinsten sels en tusken de tsjinsten ûnderling ferdwynt sadwaande en de tijsjinsten wurde njonkentsjinsten mei in ûndúdlik liturgysk karakter. Dêr is it tijgebed mei in fêste foarm mei



teloargien. De Reformaasje ûntmoediget sadwaande it tijgebened en ferfangt it troch persoanlik bidden en bibellêzen yn húslik fermidden. De húsfrommens, mei de húshâlding as basis, wurdt de wichtichste tradysje njonken de iepenbiere earetsjinst. Dêr moat lykwols by oantekene wurde dat de iepenbiere earetsjinst fan Wurd en gebed yn benammen de kalvinistyske tsjerken besibbe is oan beskate foarmen fan tijgebeden (de *Morning Prayer* yn 'e Ingelske tsjerke; de yn 5a neamde tsjinst fan Hippolytus).

#### f. *De Neiere Reformaasje*

Yn 'e Neiere Reformaasje ferskine in soad boeken en trak-taten dy't de húsfrommens stimulearje en stypje. De húshâlding wurdt beskôge as lytse húsgemeente mei eigen gebedsoeren. De Nederlânske dûmnys hâlde har gemeenten de Ingelske puriteinen as foarbyld foar. Dûmny Willem Teelinck (1579-1629) út Middelburch rekke yn Ingelân ûnder de tsjoen fan de *family worship* (de húsgodstsjinst) by de puriteinen dy't har yn 'e besteande tsjerke net botte thús fielden. Teelinck hat op grûn fan syn ûnderfinings yn Ingelân syn *Huysboeck* skreaun dat yn in soad húshâldings in plak krige.

Bibellêzing, bibelstúdzje en kategeze binne wichtige eleminten yn 'e húsdevoasje. Dúdlike oarders, lykas by de tijtsjinsten, binne der amper mear, mar de trije saken: it lêzen út 'e Bibel, it bidden en it sjongen fan in pear psalmferzen of in geastlik liet, jout in beskate struktuer. Under ferwizing nei Psalm 55:18 en 141:2 en nei Daniël 6:11 ûntsteane – op 'e nij – in moarns-, middeis- en jûnsgebed. Teelinck en oaren geane ek yn 'e pleit foar meditaasje, metoadysk beoefene frommens, dêr't se by weromgripe op skriuwers út 'e rûnte fan de Moderne Devoasje. W. à Brakel (1635-1711) realisearret him dat der bytiden wol in hiel soad frege wurdt fan de húshâldings en dat dy net alle gearre deselde mooglikheden hawwe. Hy jout de rie om, as der ris wat krap tiid is, dan mar wat koarter te bidden. Foar it Us Heit is neffens him altyd wol gelegenheid en, seit er 'daar is alles in vervat, als 't maar wel verstaan, ende van harte tot God gebeden is'.

Alles meiïnoar is it in goede saak en betink dat de hús-tsjinsten gjin direkte fuortsetting fan de tijtsjinsten binne.

### g. Fierdere ûntjouwingen

Yn de Roomske-Katolike tsjerke is it tijgebed in saak fan de oarders en fan de geastlikheid wurden. Yn de kalvinistyske tradysje ferfangt de húsfrommens it tijgebed en yn de lutherske tradysje is dat net oars. Om 1800 hinne hâlde de lêste stedtsjerken yn Dútslân om praktyske reden op mei de tijsjinsten: der is te min belangstelling foar en se kostje tefolle. Yn Ingelân ha dy praktyske reden nea oerhearske. *Morning Prayer* en *Evening Prayer* hawwe har yn de Anglikaanske tsjerke altyd hanthavenje kinnen.

Earst yn 'e midden fan de njoggentjinde ieu komt der yn 'e Roomske-Katolike tsjerke feroaring. De Liturgyske Beweging krijt ek omtinken foar de tijsjinsten, dêr't de folkstaal al ier yn brûkt wurdt. It Twadde Fatikaansk Konsily woe it tijgebed op 'e nij weromjaan oan 'e hiele mienskip fan de leauwigen. Der kaam in nij tijsjinstboek (Hollânske oersetting 1990). De tijsjinsten binne yn it foarste plak wer in opdracht fan de pleatslike gemeente. De *Intermonasteriële Werkgroep voor Liturgie* stie noed foar unyk fernijingswurk foar Nederlânsktalige kleasters en abdijen.

Reformatoaryske rûnten wurde har der sa njonkelytsen ek mear fan bewust dat der tiid, plak en oarder wêze moat om mienskiplik de dagen fan 'e wike ek te hilligjen. It docht bliken dat tijsjinsten de gaadlike foarm hawwe foar it deistich gebed, gesang en skriftwurd. It net-amtlike karakter fan de tijsjinsten spilet in wichtige rol. Boppedat komt der omtinken foar retrête, dêr't de Mienskip fan Taizé, stifte yn 1949, by neamd wurde moat. Dy hat in wichtige ympuls jûn dat der op 'e nij omtinken kaam foar it tijgebed. Foar de bruorren fan Taizé is it ynlik ferbân tusken spiritualiteit en mienskiplike belutsenens hiel wêzentlik.

## III – De oarders fan tsjinst yn dizze oanset

### 6 De oarders foar it bidden fan de tijsjinsten

It hat fan it begjin ôf de bedoeling west om in 'boek om te brûken' oan te bieden foar tijgebeden. Dêrom hawwe wy de praktyk sa't dy op 't heden yn 'e tsjerken is, de fragen dy't

der hjir en dêr op dat mêd yn it lân binne en de tradysje fan it bidden sa't wy dat hjirfoar yn grutte halen beskreaun hawwe, allegearre meitelle litten by it gearstallen fan in *Oanset* dy't stal jaan kin oan 'e bibelske opdracht om 'sûnder ophâlden te bidden'. Yn 'e skiednis sjogge wy oan 'e oare kant dat it ôfskaffen fan dy foarm lang om let de ein betsjut fan in geregeld gebedslibben. Dêrom biede wy in ienfâldige foarm oan.

Wy binne derfan oertsjûge dat wy sadwaande hannelje yn 'e geast fan minsken lykas Augustinus, Luther en Kalvyn.

Wat hat, sa freget Augustinus him ôf, it wurd fan de apostel 'Bid sûnder ophâlden' oars te betsjutten as: 'Langje sûnder ophâlden nei it loksillich libben', dat net oars is as it ivich libben fan Him dy't dat as iennichste jaan kin? Lit ús dat dus altyd mei langstme ferwachtsje fan ús God en Hear: dat betsjut altyd bidde. Mar op oare oeren roppe wy ús geast by de oare soargen en drokten wei. Sadwaande wurdt dat langstme min ofte mear belune, werom nei ynkear, nei it biddende wêzen en trúnje wy ús troch it lûdop bidden oan om ús te konsintrearjen op it objekt fan ús langstme.<sup>7</sup>

En yn deselde geast seit Kalvyn: "Om't ús swakkens sa grut is dat se troch gâns helpmiddels stipe en ús sloppens sadanich is dat se troch spoaren oanset wurde moat, (it is dochs) passend dat elk fan ús foar himsels om te oefenjen aparte oeren fêststelt, dy't net sûnder bidden ferrinne (...)"<sup>8</sup>

It geregeldwei deis hâlden fan gemeentegearkomsten bliuwt in útsûndering. Wêr't yn mannich tsjerke en gemeente tijtsjinsten fierd wurde, bart dat yn 'e measte gefallen sa no en dan ris, of mei in tuskentiid fan in pear dagen, in wike of sels wiken. De liturgyske foarm fan it tijgebed wurdt brûkt, mar it is net sa dat dy gebedstsjinsten ûnderdiel binne fan in lange net ûnderbrutsen rige fan gebeden dy't ús dagen en oeren hilligje. Dat jout gjin befrediging. Yn dizze *Oanset* ferbine wy dêrom it iepenbiere mei it persoanlike gebed, mei't oarders foar moarns-, middeis- en jûnsgebed elk yn twa foarmen mei in selde struktuer oanbean wurde: dy kinne brûkt wurde as iepenbiere earetsjinst, yn lytser fer-

---

<sup>7</sup> Augustinus, 'It brief oan Proba oer it gebed', IX,18.

<sup>8</sup> J. Kalvyn, *Institutie* III,xx,50, oers. A. Sizoo, Delft s.j.

midden en foar persoanlik gebed. It tsjinstboek biedt sadwaande in kontinuïteit oan foar it gebed yn ús tsjerken.

Sa't yn paragraaf 3 fan dizze notysje te lêzen stiet, biedt dizze *Oanset* fjouwer mear útwreide oarders foar gebeden op beskate tiden fan 'e dei oan en dêrnei wurde dy werhelle yn in yndividuele fariant. De earste, mear útwreide searje, is op toan set. Yn 'e oarder foar persoanlik gebrûk mist in muzyknotaasje en binne yn 'e teksten ek wizigings oanbrocht; responsjes en antifoanen ferlieze ommers har betsjutting as mar ien stim oanwêzich is. Lykas sein, de struktuer is wol hanthavene. De twadde searje is dus bedoeld as in sprutsen of sels yn stilte bidden liturgy.

It seit himsels dat dy foarmen net as binend beskôge wurde moatte. Us suggestjes binne út noch yn net bedoeld as twingende foarskriften. Dat jildt ek foar de toansetting; der is no noch mar ien, mar hooplik binne der meikoarten folle mear.

Foar de kar fan it tal bidtiden op ien dei is oansluting socht by de tradysje fan de iere tsjerke, dy't troch bygelyks de Anglikaanske tsjerke oernommen waard en yn ús lân yn ûnderskate liturgyske geskriften te finen is. Wy neame it *Dienstboek voor de Nederlandse Hervormde Kerk* (yn ûntwerp); de *Orden van Dienst voor de Gereformeerde Kerken in Nederland*; it katern by it *Liedboek voor de Kerken ten gebruike in de eredienst* (yn de Lutherske tsjerke) en it *Dienstboek van de Evangelisch Lutherse Kerk in het Koninkrijk der Nederlanden*; de *Liturgische Handreiking* en *Onze Hulp*. It moarns- en jûnsgebed komme út dy tradysje wei. Dêrnjonken is der in oarder foar in middeisgebed. Foar dy trije gebeden is in roaster foar de psalmen opnommen, dêr't it Boek fan 'e Psalmen yn sân wike yn bidden wurdt.

Dy trije tijgebeden korrespondearje mei it natuerlik ritme fan dei en nacht. Moarns- en jûnsgebed wurde bidden by it kommen en gean fan de dei, it middeisgebed as de sinne heech oan 'e loft stiet. De sinne is yn 'e kristlike tradysje it symboal fan Kristus. Dy tiden korrespondearje ek mei it libbensritme fan de minsken: fan 't bêd komme en op bêd gean; de moarnsbrogge, it middeisiten en it jûnsmiel.

Dêrnjonken is in oarder foar de 'kompleten', de deisluting, opnommen. Dêr wurdt yn werjûn hoe warleas de minske oerjûn is oan machten fan de nacht en hoe't de

allerheechste syn skaad biedt om yn te oernachtsjen (Ps 4 en 91 en 1 Petr 5:8,9 ha yn 'e rin fan de ieuwen har plak yn dizze oere fan gebed krigen).

Wy ha, sa't wy al seine, foar persoanlik gebrûk ek in nachtgebed opnommen. De rige oarders wurdt besletten mei in gebed om in gearkomste mei te iepenjen en te sluten.

## 7 De rubriken yn 'e oarders

Foar it tijgebed hawwe wy in oarder keazen dy't nau oanslút by likernôch de hiele westerske tradysje. Dy oarder is ienfâldich en kontemplatyf. Allinne dêrom al is de tijtsjinst net bedoeld foar grutte groepen. Wêzentlik is yn sa'n tsjinst it bidden fan 'e psalmen. Dy jouwe om samar te sizzen de rjochting oan en sette de toan foar de oare gebeden dy't sein of songen wurde.

De struktuer foar de oarders is as folget:

stilte

iepeningstekst mei lofprizing

*[skuldbelidenis – allinne yn 'e kompleten]* (fakultatyf)

hymne/liet

psalmgebed

*koarte ynlieding op 'e lêzing* (fakultatyf)

skriftlêzing

amerij fan stilte en ynkear

canticum (bibelske lofsang)

gebeden

### a. De iepening: psalmfers, 'Gloria Patri' en halleluja

De iepeningsfersen binne fan âlds út 'e psalmen nommen. Psalm 51:17 'Hear, iepenje my de lippen, dan ferkundigje ik jo lof.' En Psalm 70:2 'O, God, rêd my, kom mei hasten, Heare, om my te helpen.'

Lykas fierderop yn it tijgebed de psalmen hieltiten besletten

wurde mei it saneamde Gloria Patri ('Eare oan de Heit') wurdt ek it iene psalmfers dat de gebedstsjinst iepenet mei in Gloria Patri – gauris 'Lyts Gloria' neamd – ôfsletten.

Wy ha it oan Kristus te tankjen dat wy de psalmen mei Israel meisizze kinne. Wa't it trinitaryske Gloria Patri nei in psalm (of nei in âldtestamintysk canticum, sjoch ûnder) ynset, jout dêrmei oan dy psalm yn it foarste plak mei it each op Kristus en as gebed fan Him mei te sizzen. Dêrmei giet men der dus fan út dat alle need en freugde fan dizze wrâld troch it libjen, lijen, stjerren en opstean fan Kristus omfette en begrepen binne.

Wol kin men jin ôffreegje oft it sjongen fan it Gloria Patri nei de psalmen in net-tastien ta-eigenjen is fan de lieten fan Israel.

Wêrom't it Gloria Patri de psalmen ôfslút, binne nei alle gedachten twa reden foar. Yn it foarste plak koe de gemeente dat hieltiten weromkommende fers meisjonge mei de foargonger of it koar. Cassianus fernijt ús dat dat om 420 hinne yn Gallië ek barde. Yn it twadde plak waard de formulearring dêr't de Heit, Soan en hillige Geast fan ivichheid oant ivichheid yn njonkeninoar set en dus like belangryk binne, útsprutsen tsjín de Arianen, dy't de godheid fan Kristus ûntstrieden. Der binne lykwols ek formulearringen fan fôár-Ariaanske lofprizingen as beslút fan de psalmen. Dy formulearringen lizze de klam minder op Gods ferheven majesteit en mear op dat Kristus ien fan ús is. 'Eare oan 'e Heit troch Kristus yn 'e hillige Geast' of '...ús Hear Jezus Kristus, troch wa't en mei wa't Jo eare wurde, mei de hillige Geast'. In tredde formulearring, dêr't de ús tige eigen foarm fan it Gloria Patri oan ûntliend is, is dizze: 'Want Jo binne in goede en barmhertige God, wy priizgje Jo, Heit, Soan en hillige Geast, no en altyd en yn alle ivichheid.' Cassianus en Benedictus ferplichtsje har oarders om oan 'e ein fan de psalmen it Gloria Patri te sjongen.

It komt krekt as it giet om de ferhâlding tusken de beide testaminten en dus tusken Israel en de tsjerke. De gedachte dat de tsjerke foar Israel yn it plak komt, fersmite wy fier. Wy witte ek mar al te goed dat it arianisme net oerwûn is. Yn dizze *Oanset* wurdt it Gloria Patri neamd as mooglikheid om psalmen en âldtestamintyske cantica mei ôf te sluten, mar dat hoecht net perfoarst. Der wurde ferskate alternative lofprizingen oanbean. Elkenien moat

dêr sels in kar út dwaan. Dy hinget uteraard fan 'e omstanichheden ôf. Wol moat dêrby opmurken wurde dat om muzikale reden it Gloria Patri net past by in strofysk songen psalm. It kin allinne songen wurden nei in ûnberime songen psalm en yn kombinaasje mei de antifoan.

Yn de oersetting fan it Gloria Patri is it wurd 'ivichheid' foar moderne earen net maklik te begripen. It is net útsletten dat dogmatyske spekulaasjes oer de ûneinichheid, ivichheid en de rûnom-oanwêzigens fan God dêr de oarsaak fan binne. De Bibel bedoelt it wurd ivichheid yn formules lykas oan de ein fan it Gloria Patri net yn dy filosofyske sin, mar wol dêr de Hear mei priizgje, 'dy't is en dy't wie en dy't komt'. De formulearring 'yn alle ivichheid' moat dus as lofpriizgjend en net as dogmatysk beskôge wurde.

It Boek fan 'e Psalmen is yn 'e Bibel yndield yn fiif boeken (Ps 2-41; 42-72; 73-89; 90-106; 107-150). Oan 'e ein fan in boek is alle kearen in doksology opnommen (41:14; 72:19; 89:53; 106: 48; 150). Hoewol't der gjin histoarysk ferbân liket te bestean tusken dy doksologyen en de trinitaryske lofprizingen by de psalmen, kinne se miskien ek brûkt wurde om de psalmen mei te besluten.

Utsein yn de fjirtichdagetiid kin it Gloria Patri nei de iepeningsfersen altyd folge wurde troch in 'Halleluja'.

## *b. De hymnen*

Paulus neamt 'psalmen, lofsangen en lieten sa't de Geast dy ynjou' (Kol 3:16). Mei de lofsangen wurde nei alle gedachten nije lieten bedoeld, sa't wy dy by Paulus sels (Fil 2:5-11, Ef 5:8 en 1 Tim 3:16) en yn de Iepenbiering fan Johannes fine. Yn 'e nijtestamintyske tiid wurde dus al kristlike lieten skreaun. Ambrosius (339-397), biskop fan Milaan, nimt de praktyk fan de easterske Grykske tsjerke oer foar de westerske Latynske tsjerke en jildt dêr as earste hymnedichter. Yn it Lieteboek foar de Tsjerken binne trije hymnen fan him, alteast dat wurdt oannommen, opnommen (Gesang 253, 370 en 382).

De hymnen binne benammen yn 'e kleasters dichte en songen troch de muontsen yn 'e tijtsjinsten. Ut dy hymnen docht bliken dat hja altyd ûnder de tsjoen wiene fan it wikseljen fan dei en nacht en troch it opinoar folgjen fan

'e seizoenen. Koartsein troch it natuerlik ritme. Van der Meer skriuwt: 'Zij waren veel onmiddellijker in den gang van den kosmos betrokken dan wij, die met ons kunstlicht den nacht veranderen in een kunstmatigen dag. Geheel hun leven werd beheerst en geregeld door de opeenvolging van lichten dag en schrikwekkend duisteren nacht; door het krimpen en lengen der dagen; door de zevendagencyclus van de week, die onophoudelijk herinnerde aan het Zesdagenwerk en de Rust Gods, zoals die zijn beschreven in Genesis.'<sup>9</sup> De natuerlike symbolyk wurdt yn 'e hymnen yn ferbân brocht mei it geastlik libben. Datselde sjogge wy yn 'e moarns- en jûnslieten fan it Lieteboek foar de Tsjerken (de gesangen 370 o/m 395). Lang om let binne der yn 'e kristlike tradysje hymnen foar dei en nacht, moarntiid en jûntiid, foar de ûnderskate dagen fan de wike, foar de tsjerklike feestdagen en de hjeldagen.

De kar fan in hymne yn 'e oarders foar de deistige gebedstsjinsten, dy't wy hjirby oanbiede, sil ornaris útmakke wurde troch de oere fan de dei, troch de tiid fan it jier of troch de omstannichheden dêr't de gebedstsjinst mei gearhinget. Fêste foarskriften binne der fan datoangeande net.

### c. *De psalmen*

De psalmen binne it hert fan de tijtsjinsten. Foar de minsken fan hjoed de dei sprekt it abslút net fansels om dy te bidden. Yn 'e measte gefallen kinne wy de psalmen amper meifiele of ús dêryn ferpleatse. De psalmist seit yndied dingen dy't goed besjoen net lije kinne, bygelyks yn de saneamde wraak- of flokpsalmen. Lykas sein, Jezus hat de psalmen foar syn rekken nimme wollen en as wy se dêrnei yn 'e mûle nimme, dogge wy dat mei it each op Him en as syn gebed. Hy omfiemet de need fan 'e wrâld en begrypt dy. As wy bidde, identifisearje wy ús mei de minsken dy't sa teliderslein binne dat se sokke net yn te tinken en freeslike dingen sizze. Krekt dy minsken meie net allinne stean! De psalmbiddende gemeente stimt mei en jout stim oan min-

---

<sup>9</sup> F. van der Meer, *Lofzangen der Latijnse Kerk*, Utert/Antwerpen 1970, 15.



sken dy't op net mei te fielen wize tegnjirde en martele en as slachtfee deade wurde. Dêrom doare wy út te hâlden dat de psalmen it hert fan de tijsjinsten binne.

'Psalmen binne bûnte weefsel, sa kleurryk as it libbensels' – se binne dêrom net maklik yn in systematyske oardering ûnder te bringen. Foar de tiid fan Benedictus folgen de psalmroasters dan ek sljochtwei hinne har nûmering. Lykwols wie yn ier-kristlike tiden en mooglik sels noch earder in tal psalmen anneks mei in beskate dei of in beskaat barren. Moarnsgebed (hjir nommen as sammelnamme foar metten, lauden en bytiden de nocturnen) en fespers hawwe har eigen psalmen.

Yn it moarnsgebed stiet psalm 63 sintraal – dat is oernommen út 'e synagogale tradysje. Oan 'e ein fan 'e fjirde ieu binne de psalmen 148-150 in fêst ûnderdiel fan it moarnsgebed. Yn it westen wurdt op in soad plakken psalm 63 ferfongen troch psalm 51 en wurdt psalm 95 keazen as iepeningspsalm fan it moarnsgebed (lykas by Benedictus). Yn 'e fesper stiet psalm 141 sintraal. Benedictus skriuwt as earste eksplisyt oer de komplet en neamt dêrby de psalmen 4 en 91. Yn Antiochië lêst men by it kraaien fan 'e hoanne psalm 134 en dat is yn guon ortodokse tsjerken (Servysk, Maronitysk en Koptysk) oant hjoed de dei noch altiten it gefal. Yn oare tradysjes komt psalm 134 yn 'e komplet oan 'e oarder. As oare moarnspsalmen wurde yn 'e earste sân of acht ieuwen fan it kristendom neamd psalm 141, 143 (Eusebius); 5, 90 (Ordo Monasterii); 119, 147-148 (Cassianus). As oare jûnpsalmen 143, 113 (Eusebius); 104 (ynstee fan 141 by Caesarius fan Arles); 142; 130, 117 (Byzantium, achtste ieu). Minder dúdlik is hokker psalmen brûkt waarden foar de lytse oeren en foar de figyls.

Psalmroasters binne der genôch. De 'omrintiid' dêrfan is net gelyk: alle wiken (*Brevier*), tritich dagen (*Book of Common Prayer*), fjouwer wike (it roomsk-katolike *Getijdenboek*), fiif oant seis wike (Taizé), sân wike (Nikola Gemeente), tsien wike (*Alternative Service Book*). Dy roasters folgje hielendal of foar in grut part psalmen dy't passe by in spesjale oere of dei en meitsje fierder útsûnderingen foar feesten en sa. De oansluting by it liturgysk jier is lykwols formeel. Sa begjint it *Getijdenboek* mei wike 1 op Advint I, de earste snein fan de Fjirtichdagetiid, Peaske I, earste snein troch it jier hinne ensafuorthinne. Yn dizze

Oanset wurdt in psalmroaster fan sân wike oanbean, dat mar twaris yn it jier in nije sprong makke hoecht te wurden. De peasketiid komt dan oerien mei in psaltearium dat hielendal songen wurdt. Dat is min of mear tafallich. It wichtichste by alle roasters is dat it trochgeand bidden fan de psalmen net fersomme wurdt, likefolle hokker tiid fan it liturgysk jier it is.

De antifoanen spylje fan âlds in wichtige rol by de psalmen, lykas ek de cantica (sjoch hjirûnder). Yn it hjoeddeisk taalgebrûk is de antifoan in fers, songen en bidden foar en nei in psalm, nei elk fers of nei in tal fersen, en dat de toan set. Dat lêste is yn dûbelde sin: muzikaal, mar ek ynhâldlik. De antifoan jout oan hoe't in psalm of gesang klinke moat en is dus ynterpretaasje fan it liet. Ideaal is as de psalm troch in dûbeldkoar songen wurdt: dat sjongt, om samar te sizzen, inoar ta. Dat is antifonaal sjongen en it wurd antifoan moat dus letterlik nommen wurde: tsjinstim, tsjinsang, tsjinliet.

De antifonale wize fan sjongen kaam yn de twadde ieu te Antiochië yn 'e moade en wreide him oer Syrië nei Byzantium en Milaan en it fierdere westen ta út. Yn Milaan rekke Augustinus yn 386 djip ûnder de yndruk fan dy trant fan sjongen dy't it jiers dêrfoar ynfierd wie, wylst it folk mei Ambrosius yn tsjerke wakke ûnder Ariaanske ferfolgingen.<sup>10</sup> Nei alle gedachten songen de geastliken yn twa koaren ferdiel de psalm en song it folk nei elk psalmfers in kearfers. Dat fers waard de antifoan neamd. De frekwinsje dêr't it kearfers mei songen waard, waard allinken minder en lang om let waard it allinne mar mear oan it begjin en de ein fan de psalm songen.

Op 'en doer wurdt de antifoan ek troch it koar songen. It is foarkommen dat de psalm ferkrongen waard troch de antifoan. De antifoan is wolris in min of mear selsstannich muzykstik wurden dat de psalm sels werombrocht ta ien fers of sels hielendal út it stee krong, bytiden wikselen de ûnderskate antifoanen de psalm ôf.

Lykas sein, de antifoan set de toan. Ut alle gedachten en stimmingen fan in psalm kriget ien de foarkar en funksjo-

---

<sup>10</sup> Augustinus, *Confessiones*, IX,vii, 15

nearret as de kaai ta de psalm. De psalm kin dus troch de antifoan in hiel oare kleur krije. Psalm 130 kin bygelyks songen wurde yn 'e tsjinst foar de ferstoarnen, mar ek yn 'e fespers fan it krystfeest, as de antifoan is: 'Want by de Heare is genede en by Him folsleine ferlossing.'

Njonken dy 'kaaifunksje' fan de antifoan is der ek noch in ramt-antifoan mei inkeld in fersierende funksje. Dêr wurdt bygelyks in beskate snein of feestdei yn betocht.

Yn *It deistich gebed: tij- en hústsjinsten* wurde fan elke psalm twa fersen oanwiisd dy't as antifoanen fungearje kinne. It is abslút net de bedoeling en beskôgje dy twa fersen as iennichste mooglikheid. Der binne gjin antifoanen opnommen dy't by de tiid fan it liturgysk jier hearre. Dy steane yn 'e oarders foar tij- en hústsjinsten by de cantica.

Foar it sjongen fan it *Gloria Patri* nei de psalmen ferwize wy nei 7a.

#### d. De skriftlêzing

Krekt yn 'e tijtsjinsten yn 'e kleasters is de hiele Skrift lêzen, it Alde Testamint ek. Wannear't der yn ús dagen tijtsjinsten hâlden wurde, is dat ornaris sa no en dan ris, bygelyks op bysûndere dagen of by bysûndere gelegenheden. It leit foar de hân en kies dan in skriftlêzing dy't dêrby past. Gemeentefieringen njonken de sneintemoarnstsjinst ha gauris it karakter fan in tijtsjinst. Dy binne min ofte mear ek ynsidinteel, bygelyks op in dei yn 'e wike of yn it jier. De skriftlêzing yn dy tsjinsten kin by it sneinsroaster oanslute, mar in temalêzing is ek mooglik. Wurdt der bygelyks op sneintejûn in fesper fierd, dan is it in goede mooglikheid en kies de brieflêzing – as dat yn 'e moarnstsjinst net bard is – fan dy snein. En wêrom soe by bygelyks seis fespers yn 'e Fjirtichdagetiid net keazen wurde kinne foar in tal tema's dat slacht op de karakteristike tiid fan it jier?

Foar wa't trijeris deis de tijgebeden bidde wol, hawwe wy it lêstroaster fan de Ald-Katolike Tsjerke yn ús lân opnommen yn dizze *Oanset*. Dêr komt fierhinne de hiele Skrift yn oan 'e oarder. By it kiezen fan krekt dat roaster spile in praktysk motyf in grutte rol. Dêr wurde nammentlik lêzingen foar trije gebedstiden deis yn oanjûn, wylst in soad oare roasters mar mei twa of krekt folle mear gebedsoeren rekken

hâlde. Lykas bekend, rekkenet de Lutherske Tsjerke, krekt as de Roomsk-Katolike en Ald-Katolike Tsjerke de saneamde apokryfe boeken ek ta de hillige Skrift. Mei it each op 'e winsken dy't der fan datoangeande yn ús mienskiplike tsjerken libje, komt dat roaster dan ek alhiel fan pas.

e. *Stilte en meditaasje*

'Salang't noch wêrearne immen bestiet  
foar my om as minske oan te sprekken,  
sa fyn ik soms midden op strjitte  
in gebiet  
fan stilte, troch nimmen te brekken.

In kostbere stilte fan suver kristal  
dy't iksels mei myn stimme beslipe.  
As ik der net wie,  
soe yn it hielal  
gjin minske dy stilte begripe.

Mar as Hy der net wie,  
fan syn stim gjin beskied,  
dan wie der gjin stilte te smeitsjen.  
Dan inkeld mar swijen,  
sa hurd as granyt  
en dat kin jin dea-iensum meitsje.  
Mar de stilte,  
dat is in twastimmich liet,  
dêr't God en de minske inoar reitsje.'

*(Guillaume van der Graft)*

Stilte is in wêzentlik ûnderdiel fan it deistich gebed. Bidden is it sykjen fan Gods oanwêzichheid en it is dêrom in stil wurden. Us eigen wurden swije om romte te meitsjen foar de wurden fan in oar. Jezus socht geregeld de stilte op om Gods ferburgen omgong te finen. Hy ropt syn learlingen op om dy stilte bewust te kreëarjen (Mt 6: 6).

De stap fan swijen nei stil wurden – kin hiel grut wêze. It ferget oefening om yn 'e uterlike stilte ek inerlik stil te wurden. Stilte kin bedriigjend wêze en fiele as soe der gjin ein oan komme. Dan is it goed en jou mei beskate meditaas-

jetechniken stjoer oan 'e gedachten. Sokke techniken hoege net omfierrens weihelle te wurden: yn ús eigen tradysje hawwe wy genôch mooglikheden. Yn in apart haadstik fan dizze *Oanset* wurde dêr in tal suggestjes foar dien.

Al earder stiet te lêzen dat it gebed in inerlike saak is dy't alles fan ússels bleat leit. Yn 'e stilte docht dat namste mear bliken. Dan fiele wy krekt hoe betize en ûnrêstich oft wy binne. Pine en fertriet komme gauris merkber nei boppen. Dêr't stilte mei oaren belibbe wurdt, kin dat in grut gefoel fan ferbûnens jaan, om't de muoite en pine fan de ienling yn 'e stille foarbea fan de groep opnommen is.

#### f. *De cantica*

Cantica binne loflieten dy't net oan it Boek fan 'e Psalmen, mar oan de Skrift ûntliend binne. Om likernôch 400 hinne wurde yn ûnderskate tsjerken cantica-searjes brûkt, dy't wol net allegearre krekt gelyk binne, mar nei alle gedachten net fier dêrfoar op 'e selde list stiene, dy't yn it easten opmakke is. De tsjerke yn it westen nimt se oer. Se wurde opnommen yn 'e tijtsjinsten. In part fan de cantica komt út 'e apokryfe boeken. Om in pear cantica te neamen: Dan 3:52-88 (it gebed fan de mannen yn 'e fjoeroven); 1 Kron 29:10-13 (in lofliet fan David); Jes 12:1-6; Tob 13:1-10; Jes 38:10-20; Judit 16:15-21; 1 Sam 2:1-10 (de lofsang fan Hanna); Jer 31:10-14; Eks 15:1-19 (it liet fan Mozes); Jes 45:15-26); Hab 3:2-19; Sir 36:1-17; Deut 32:1-43 (it liet fan Mozes).

Trije cantica binne ûntliend oan it evangeelje fan Lukas. Dy wurde noch altyd oantsjut mei de Latynske wurden dêr't se mei begjinne: *Benedictus* (seinige) of lofsang fan Sacharias (Luk 1:68-79); *Magnificat* ([myn siel] priizget) of lofsang fan Maria (Luk 1:46-55) en *Nunc dimittis* (no litte Jo gean) of lofsang fan Simeon (Luk 1:29-32). Yn 'e tijliturgy fan de kleasters waarden se songen as ôfsluting fan respektivelik lauden (fanwegen 1:78 - de opgong út 'e hichte?), fespers (as jûnslof fanwegen Gods barmhertigens?) en kompleten (fanwegen it heil dat sjoen waard?). De reformatoaren hawwe dy trije cantica út Lukas oernommen en de nasjonale Synoade fan Dordrecht yn 1618 bepaalt: 'In de kercken zullen alleen de 150 Psalmen Davidis, de thyen Geboden, het Vader onse, de twaelff articulen des ghelooffs,

de loffsangen Mariae, Zachariae ende Simonis gesongen worden.' Berimingen fan dy lieten steane dan ek by 'inkelde gesangen' dy't foarhinne yn 'e lieteboeken stiene nei it rym-psalter en foar de gesangen en yn it *Lieteboek foar de Tsjerken* (gesangen 67, 66 en 68).

De antifoanen by it Benedictus en Magnificat hawwe in eigen betsjutting. Se lichtsje de eigen betsjutting fan in dei of feest derút. Op sneinen binne se ornaris ûntliend oan it evangeelje. Liturgysk binne se gauris in hichtepunt fan de dei. Yn dizze *Oanset* ferwize de antifoanen by de cantica nei de tiid fan it liturgysk jier. Der is kar-út.

It is wizânsje om foar it moarnsgebed de lofsang fan Zacharias en foar it jûns- en nachtgebed de lofsangen fan Maria en Simeon oan te rikkemandearjen. Lykwols achtsje wy it ek hiel goed mooglik en sjong ien fan de cantica.

### *g. De gebeden*

De oarders dy't wy yn dizze *Oanset* oanbiede, jouwe it deistich gebed stal. Yn har gehiel binne se gebed. Se binne de foarm dêr't it biddende libben fan de gemeente ek stal yn kriget. De iepeningsfersen dy't oan 'e psalmen ûntliend binne en de psalmen wurde biddend lêzen en songen. Wannear't nei de iepening, de hymne, it psalmgebed, de skriftlêzing, de meditaasje en it canticum ta beslút de rubryk 'gebeden' folget, is dat net oars as in taspitsing fan wat earder al oan 'e oarder west hat. Dy taspitsing bestiet benammen yn 'e aktualiteit fan 'e gebeden dy't no dien wurde. De need dy't der no is wurdt yn 'e foarbea útsprutsen. Dy kin bygelyks ek yn 'e foarm fan in litany, sjongend bidden wurde. It gebed fan de dei bepaalt ús by de dei fan 'e wike en it moarns- of jûnsgebed by de tiid fan 'e dei. It Us Heit, it gebed fan de gemeente dat de Hear harsels leard hat en dat altyd itselde bliuwt, is in fêst ûnderdiel yn dizze rubryk. Dat is ek mei de seinbea it gefal.

### *h. It lucernarium of de seine fan it ljocht*

Yn de fjirde ieu wurdt al praat fan in lofprizing fan it ljocht yn 'e jûnstsjinsten, as de lampe oanstutsen is en it gebou

yndroegen wurdt. Dêr wurdt in hymne by songen, nei alle gedachten it saneamde 'Phoos hilaron'. Dat liet wurdt yn 'e easterske tsjerke noch altiten songen, tagelyk mei de fesperpsalm 141. Egeria beskriuwt, ek yn 'e fjirde ieu, yn har reisferslach dat yn Jeruzalem de jûnstsjinst mei in ljochtrite begjint. Tsjin de eftergrûn fan dat gebrûk stiet it oanstekken fan de sabbatslampe yn it joadedom en miskien ek de ljochtgroetenis út 'e Helleenske religy.

In soad dingen oangeande it *lucernarium* bliuwe dizzenich. De term funksjonearre yn it foarste plak as tiids-oantsjutting. Yn 'e sechsde ieu betsjut *lucernarium* dan ek gewoan 'jûnstsjinst'. De westerske tsjerke hat ek in *lucernarium*, bygelyks yn Milaan en yn Spanje. De fespers begjinne mei in antifoan, sadree't in ljochter mei twa baarnende kearsen op it alter set is. Dêr is in tal psalmfersen mei ferbûn; yn alle gefallen: 141:1 en fierder 4:7; 18:29; 36:10; 97:11; 112:4; 119:105; 132:17.

Op in soad plakken wurde oan it begjin fan de fesper kearsen oanstutsen. Dêrom is in ienfâldige foarm fan it *lucernarium* opnommen as mooglike iepening fan de fespers as dy letter op 'e jûn of alteast by it fallen fan 'e jûn fierd wurde. De segening fan it ljocht fungearret as lofprizing op it ljocht fan de kearsen dy't krekt oanstutsen binne. It ljocht is it symboal fan de opstiene Hear. De 'lof fan it ljocht' yn 'e peaskenacht hat yn dy rite syn woartels.

Yn alle liturgyen komt psalm 141 foar. Dêr stiet yn dat it gebed as in jûnsoffer, lykas wijreek, nei de himel stiicht. Der kin oer tocht wurde om hjir yndied ek wijreek te baarnen.

### *i. Skuldbelidenis en ferjouwing yn de kompletten*

De kompletten, dy't de dei ôfslute, binne in tarieding op 'e nacht. de gedachte fan oerjefte stiet dêr sintraal yn. Sa klinkt út psalm 31 it wurd dat de Hear oan it krús sprekt: 'Yn jo hannen betrou ik myn geast'. De oerjefte oan 'e sliep en oan 'e nacht is it symboal foar de oerjefte oan 'e ein fan it libben. De oerjefte oan 'e Hear mei fol betrouwen barre, mar net sûnder it tajaan fan it eigen tekoartsjitten. By âlds setten de kompletten dan ek út ein mei in skuldbelidenis.

## IV – Muzyk yn 'e tiijtsjinsten

### 8 De muzyk

Muzyk kin op tredderlei wize klinke yn 'e tiijtsjinsten. De trije sjenres binne dy fan it strofeliet, it resitatyf en de ynstrumintale muzyk.

It strofeliet hat yn 'e protestantske tradysje sûnder mis de âldste papieren. Yn it kalvinisme hat it sels in hiel skoft de iennichste foarm fan tsjerkemuzyk west dy't tapast waard. Nei de Reformaasje kaam it tiijgebed al gau bûten gebrûk. Dêrom hat de tradysje fan 'e tiijgebeden nea ferbûn west mei dy fan it strofyske rympsalter, dat ommers typearjend is foar de Reformaasje. Histoarysk is der ek gjin reden om it sjongen fan berime psalmen yn te fieren yn it tiijgebed dat wer ûntdutsen is. Fan âlds is yn sokke tsjinsten it brûken fan strofelieten altyd beheind bleaun ta de hymne. It strofeliet hat in sletten foarm, dy't him net sa maklik ferbine lit mei it meditative karakter fan in tiijtsjinst. Der is dêrom alles foar te sizzen om it tal strofelieten te beheinen en oansluting te sykjen by it karakter fan 'e tiijtsjinsten.

Yn it kleasteroffysje is it resitatyf it wichtichste muzikale sjenre. Gebeden, psalmen, lêzingen en cantica wurde op ienfâldige ferhege toanen deklamearre. It resitearjen fan dy liturgyske ûnderdielen hat in trijeliddich doel. Foarst wurdt de tekst yn it resitatyf sa objektyf mooglik werjûn. Wy komme dêr hjirûnder op werom. Twad ferheft de ferhege toan de tekst ek figuerlik boppe it gewoane. Tred is de op ferhege toan sprutsen tekst better te ferstean, benammen yn oer-akoestyske romten lykas (kleaster)tsjerken. Yn 'e tiid dat der noch gjin lûdynstallaasjes wiene, wie dat grif de wichtichste reden fan net te ûnderskatten belang.

Wy kinne twa groepen meloadyske formules ûnderskiede: de formules by psalmen en lofsangen (cantica) en dy by de fêste liturgyske ûnderdielen.

Psalmen en cantica wurde fan âlds yn suver deselde muzikale foarmen songen. De ûnberime tekst wurdt op in meloadyske formule resitearre, mei dêrfoar en dêrnei in



antifoan, in soarte fan refrein dat de psalm of canticumtekst in eigen 'kleur' jout. Yn oansluting by it hjoeddeiske monastike gebrûk hawwe wy, lykas sein is, derfoar keazen om de antifoan by de psalm út dyselde psalm te kiezen. De antifoan by it canticum komt net út 'e canticumtekst, mar slút oan by de tiid fan it jier.

Der is alles foar te sizzen om de psalmen yn 'e tijtsjinsten ûnberime te resitearjen. Niis ha wy der al op wiisd dat de tijtsjinsten nea mei it rympsalter lykop gien binne. Dêr komme noch in pear arguminten by. Foarst binne de psalmen yn 'e tijtsjinsten yn earste ynstânsje gebeden. It resitearjen wurdt earder as bidden ûnderfûn as it sjongen fan in strofeliet. It kontemplative karakter fan sa'n tsjinst komt yn it resitearjen better ta syn rjocht. Twad leit de ûnberime ferzje fan in psalm, ek yn har literêre ferskiningsfoarm, tichter by de grûntekst as in berime ferzje. By psalmberimmingen kin men ek better prate fan bibel- of psalmlieten. Dêr komt noch by dat in psalm yn berime ferzje omtrint twa kear sa lang wurdt as it ûnberime orizjineel. It resitearjen fan 'e hiele psalm is dus, ek fysyk, better út te hâlden. Tred docht in resiteartoan mear rjocht oan objektiviteit fan 'e tekst as de strofefoarm. De muzyk stipet de tekst. Sa gau't de muzyk in eigen, subjektive ynhâld jout oan 'e tekst, is der mear sprake fan in *tsjutting* fan 'e tekst. By it resitearjen moat men yn earste ynstânsje tinke oan foarlêzen, net oan sjongen. Om't de meldij fan it resitatyf gjin útdrukking hat, kriget de tekst alle kâns. Fjird jout it resitearjen de mooglikheid om in antifoan of doksology op in organyske wize oan de psalm ta te foegjen.

De acht resiteartoanen dy't wy yn dizze *Oanset* oanbiede, binne oernommen út *Het Boek der Psalmen* yn 'e oersetting fan Gerhardt en Van der Zeyde, dat toanset wurden is troch Benediktiner en Cisterciënzer mûntsen.<sup>11</sup> Elk fan 'e acht psalmtoanen fertsjintwurdiget in oare tsjerketoan-

---

<sup>11</sup> *Het Boek der Psalmen, uit het Hebreeuws vertaald door dr. Ida G. M. Gerhardt en dr. Marie H. van der Zeyde, getoonzet door Benedictijner en Cistersiënzer monniken, Katholieke Bijbelstichting, Boxtel 1975.*

soarte. Njonken it ferskaat fan tsjerketoansoarten hat ek de frekwinsje dêr't de resiteartoanen út 'e oarspronklike útjefte yn 'e praktyk mei brûkt wurde, in rol spile by de kar. Foar de wize dêr't de psalmen op 'e resiteartoanen op songen wurde, sjoch de lêswizer by dizze *Oanset*.

De antifoanen jouwe de toan oan en foarmje dus de 'werkenningswize' fan in psalm of dei. De meldijen skaaie wat mear út nei in liet en binne dêrtroch in bytsje subjektiver fan lading. Yn 'e antifoan komt ek de sfear dy't de tsjerketoansoart opropt dúdliker op 'e foargrûn as yn 'e resiteartoan.

Alhoewol't wy it resitatyf fan herten oanrikkemandearje is it ek mooglik foar de psalmen en cantica oare tsjerkemuzikale foarmen te brûken yn 'e tijgebeden.

De twadde kloft meloadyske formules hat te krijen mei de fêste liturgyske ûnderdielen fan it tijgebed. It iepeningsfers *Gloria Patri*, de akklamaasje by de foarbeaen, it Us Heit en de bea om seine mei akklamaasje binne de fêste ûnderdielen fan 'e liturgy. Dy ûnderdielen binne ek yn it muzikale oaninoar besibbe: se binne allegearre basearre op deselde liturgyske formule.

It tredde tsjerkemuzikale sjenre dat wy tsjinkomme yn it tijgebed, is de ynstrumintale muzyk. Wy moatte ús goed rekkenskip jaan fan 'e funksje en it doel dêrfan. Mar al te faak wurdt it ferplichte oargelspyljen foar de tsjinst ta 'muzikaal behang'. Op oare mominten yn 'e liturgy jout ek yn 'e praktyk de langte fan 'e muzyk it 'praatskoft' oan. Sa hoecht it net en sa mei it goed besjoen ek net. Muzyk is in middel om de dielnimmers oan in fiering har bewust wurde te litten fan 'e stilte. Muzyk ynspirearret en docht jin wat. Stilte nei muzyk is faak laden mei betsjutting en spanning, folle mear as stilte dy't inkeld oanjûn wurdt mei de oarder fan 'e tsjinst. Dat stilte nei muzyk gauris spannender is as de muzyk sels, docht wol bliken út 'e stilte tusken it einakkoard fan in konsert en it applaus. Oarsom is muzyk yntinser as dy de stilte ferbrekt. Stilte en muzyk binne oan 'e iene kant inoars tsjinstelden, oan 'e oare kant foarmje se ek tagelyk in twa-ienheid. Binnen de liturgy hat de soarte fan muzyk en de wize fan hoe't it brocht wurdt ek ynfloed op 'e langte en de kwaliteit fan 'e stilte dy't derop

folget. In koarte, yntins spile ienstimmige meldij kin mear dwaan as in flechtich spile, mar dreech stik fan in kertier. Ynstrumintale muzyk mei de kontemplaasje net yn 'e wei stean, mar moat dy befoarderje.

